

SPEGEL EN SONDE

JETSKE
BILKER

spiegel
en
sonde

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan
de Provinsje Fryslân, Stifting FLMD en it Feitsma Fûns.

De auteur krige foar it skriuwen fan dit boek in
projektsubsydje fan it Nederlands Letterenfonds.

Nederlands
letterenfonds
dutch foundation
for literature

© 2021 Jetske Bilker | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing Jelle F. Post
Foto auteur Iris Rethy
Printwurk Wilco, Meppel

ISBN 978 90 5615 728 9
NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of
iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize
ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer,
postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

YNHÅLDSOPJEFTE

1979

7

1982

11

1996

15

1997

17

2013

19

2014

23

2015

26

1979

Rinny de Wreede wie miskien wol it moaiste fanke fan hiel Gaasterlân, mar yn alle gefallen fan Bakhuzen en omkriten. Wylst se yn de lange rige foar it breidspear stie, besocht se har yn 't sin te bringen wa't dat sein hie.

Rinny koe se al fan doe't se inoars lytse buorfamkes wienen en tegearre op de legere skoalle sieten. Dêrnei gie sy nei de grutte skoallemienskip yn Snits dêr't elkenien hinne gie dy't heger as it gros skoard hie op de CITO-toets, mar Rinny gie net, lykas oare famkes dy't dêr net telâne kamen, nei de húshâldskoalle, mar nei de leao. Rinny gie der altyd op 'e fyts hinne, sa'n hege hearefyts, mar Dou hie noait witten wêr't dy skoalle stie. En se hienen der fêst net in protte te dwaan lykas sy op de havo, want Rinny sweefde altyd mar wat yn 'e hûs om. En dat wylst har heit sa'n moai buro foar op har sliepkeamer makke hie. Der stie in kaptafel neist, dêr't se dan wer wol faak achter siet. Doutsen hie altyd fersteld stien fan de rige potsjes op dy kaptafel.

Rinny hie sa te sjen noch altyd alles ûnder kontrôle. Rêstich eage se no en dan oer de lange rige, om dan wer de folgjende gast mei beide hannen nei har ta te lûken. De brutsenwite lange jurk siet perfekt om de heupen, it kant boppe de skouders en oer de rok wie moai ôfstimd en de taille kaam goed út. As fanke hie se alles al ûnder kontrôle hân. Dat kaam omdat alle jonges wei fan har wienen. Doutsen wie der wis fan dat, doe't se santjin wie, de jonges oer Rinny dreamden en net oer har. It nuvere wie dat Rinny gjin moaie eagen hie, 'fiske-eagen' gibelen Tommy en Anniek, mar se sloech de eachlidden krekt wat letter del as oare fankes en dêr waarden de jonges sljocht fan. Soms mocht it Dou barre dat se in freontsje hie, mar dy hong dan by hár ta it sliepkeamersrút út om in glimp fan it buorfanke op te fangen.

It ferfelende wie dat Rinny sels echt hiel aardich wie. Sels orizjineel, stelde Dou fêst doe't se letter op de Rietveld siet. Autonom,

autentyk. Yn 'e tiid dat elk sei dat er 'yn in deuk lei' dielde Rinny gewoan mei dat se wille hân hie. En doe't elk op in swarte weduwe omkroste, siet Rinny dus op dy hearefyts. Dou hie altyd tocht dat it troch dy leao kaam, dêr't fierder gjinien op siet, en troch de slow motion fan har eachopslach.

'Pippy ...!'

Rinny knikte genedich, doe't se foar har stie mei har kefert mei jild. 'Wat fijn datst hjir kommen bist. Wim, dit is no Pippy, myn buorfamke dêr't ik it sa faak oer hân haw. Hoe giet it mei dy, Pippy? Amsterdam, dochs? Ik bin sa benijd, ik kom sa gau mooglik by dy.'

Se spile it goed, Rinny. En Doutsen spile mei, lokwinske, tute, sei 'bist in moaie breid, Rinny,' en joech de breugeman in hân en sei dat se Doutsen hiet. Wim hie wat fan in fertsjintwurdiger yn keukens. Koest net iens in beskriuwing fan him jaan, der wie neat opfallends oan de lingte, de grize eagen, it steile kleurleaze hier en de moderne bril.

Rinny, wêrom dizze?

'Dus do bist dat ferneamde buorfamke ...' glimke er en se glimke dom werom. 'Leuk datst der bist en tankewol.' Wim naam it kefert oan en plakke der in sticker op en sei tsjin in famke: 'Pippy Hoop', en doe wer tsjin har: 'We krije safolle kado's dus we pakke alles jûn út. Sykje mar in plakje.' Hy stiek de earm út en wiisde troch de seal: 'Dêr fierderop sitte noch mear âlde freondinnen fan Rinny.' Hy lake as de man dy't alles ûnder kontrôle hie.

Wylst se de folle taffeltsjes scande, frege se har ôf wat Rinny besiele. No al trouwe, se wie noch mar njoggentjin. Wat hie se eins dien nei de leao?

In âlde frou twa taffeltsjes fan har ôf knikte har ta. Ald buorfrou Tine. Dat wie feilich genôch. Se siet by twa muoikes fan Rinny, dy't ek yn Bakhuzen wennen. Deselde fiske-eagen. As der noch wol famylje fan har hjir opdoek siet se feilich.

'No ju Pippy, wat leuk, ju, do hjir ek,' wie it fuort en se krigen it al gau oer de tiid dy't sa hurd gie want ja, buorfrou Tine hie eartiids op harren beide past doe't se noch lytse famkes wienen. Dou dronk twa kopkes kofje leech en hearde de muoikes praten oer de jurk fan Rinny.

'Sa moai en dat kant ...'

‘Dat hat in aardige sint koste!’

‘Mar se is it wurdich ...’

‘Troust mar ien kear no?’

Wat die se hjir?

‘Wat sitsto hjir allinne ...’

Neist har wie frou De Wreede delstrutsen. De muoikes en âld buorfrou wienen allegear tagelyk nei it húske. De lange rige foar it breidspear wie oplost, de seal siet fol mei gasten. It breidspear gie de taffeltsjes bylâns. Wim tôge mei ynmoed de brutsenwite wale achter de breid oan oant Rinny ergens delstrike woe en dan tankber glimke nei har man. Dou besaude har doe’t Rinny de trouwing mei in útstutsen earm yn kant toande oan elk dy’t it mar sjen woe. Se naam in glês wite wyn fan in blêd dat lâns gie en dronk in slok. ‘Goeie mefrou De Wreede.’

‘Goeie Pippy, leuk datst kommen bist. It sil dochs in hiel ein foar dy wêze ... sa út Amsterdam.’

‘Ach ja ...’

‘Wat dochst dêr no?’

‘De Gerrit Rietveld Academie,’ en doe’t har âld-buorfrou de foarholle fronsele, ‘de keunstakademy ...’

‘Ahh ... hiest altyd al wat artystyks ... sietst altyd te tekenjen.’

Dou knikte en wachte op de fraach oft se letter yn har eigen ûnderhâld foarsjen koe of fan de steat libje moast.

‘Sjochst dy jonge noch wolris?’ Frou De Wreede knypte de eagen ta lytse skreefkes. Ek de mem fan Rinny tocht dus werom oan dy lêste kear dat se by har foar de doar stien hie.

‘Watfoar jonge?’

‘Bist it, tink, noch net fergetten?’

No beleefd bliuwe, Dou, sei se tsjin harsels. Rêstich besocht se in slok fan de wyn te nimmen.

‘Wat sjocht Rinny der prachtich út.’

De fiske-eagen lieken har te fiksearjen mar Dou seach spikerhurd werom. Antwurdzje op belangstellende fragen wie gjin ferplichting.

Koe se hjir al wei? Net foar it earst eage se de seal oer. Hy wie der net. Tom en Anniek lokkich ek net.

Rinny har mem knypeage in pear kear mei beide eagen en frege:

‘En hasto al in freon dêr yn Amsterdam?’

‘Ik haw it drok mei myn oplieding, ik haw gjin tiid foar manlju.’

‘Losse freontsjes, tink?’

Dou krige de smoar yn. Dat mins, dat siet hjir de frou fan ’e wrâld út te hingjen yn it achterlike Gaasterlân.

Doe kaam der in earmtakke op de tafel te lizzen, yn in blauwe opstrûpen mouwe dy’t by in jasje hearde. De fiske-eagen stieken hast ta de eachkassen út.

‘En sjochst dyn heit en mem noch wolris?’

De tinne streekjes dy’t foar wynbrauwen trochgean moasten foarmen twa bôchjes en frou De Wreede knikte har ta, it boadskip wie dúdlik: betrou my mar, dyn ferhaal is by my feilich.

Mar allinne Rinny koe de eagen delslaan mei dy tragens dy’t har sa oantreklik makke foar jonges. Frou De Wreede knippere te betiid nei har fraach, sadat de sensaasjegeilens derôf spatte.

‘En wêrom soe ik dat jo fertelle?’

Even fergrutten de pupillen fan frou De Wreede har, doe glimke se en sakke se achteroer yn de stoel.

‘Hast gelyk, Pippy. It giet my yndied net oan.’ Se hâlde it wynglêš foar de mûle en prate fierder achter it glêš wei. ‘Mar moatst ien ding net ferjittte, Pippy. Wy hawwe dyn âlden doe bystien. Se kamen by ús om te freegjen wêr’tst wiest. Hiest by ús oan de doar west, dat bist to ek noch net fergetten. Ik sjoch dy dêr noch stean, mei twa swiere tassen. Do fregest nei Rinny en wy seinen dat se nei Snits wie. Seist datst dêr ek hinne soest. Mar do giest doe net nei Snits mei dy swiere tassen.’ It wynglêš kaam wer op ’e tafel, se bûgde har wer nei foaren. ‘Rinny hat dy net sjoen yn Snits.’

De bleke eagen smeken sawat om de oplossing fan it fraachstik dat de famylje De Wreede al twa en in heal jier dwaande hâlde. De oplossing dêr’t se rjocht op hienen.

Yn de trein werom besleat se dat it heit west hie, dy’t it oer it moaiste fanke fan Gaasterlân hie.

1982

‘Kinst net net gean,’ wie it hoopfol.

Net net. Twa kear negatyf wie posityf, mar betsjutte net net dan fuort fan wol?

Se seach fansiden, it atelier troch, dêr’t doeken oan de muorren hongen mei bleate froulju yn kleuren dy’t fochten om sjoen te wurden. Se woe hjir net mear wei. Sûnt juster wist se dat se de romte dy’t se harsels jûn hie, romte yn tiid wie, romte dy’t har beskerme tsjin de deistige ôfliedingen.

Se hie Niels fiif dagen nei de opfang brocht en wie yn it atelier fan syn heit lutsen. Dêr kaam de sinne troch it súd- en troch it westrút en lei gjin boartersguod oer de flier. Mar de portretten oan de muorre fregen dochs tefolle har oandacht. Se waard der lilck fan. Hý wol!

De heit – se wie al hast safier dat se him foar harsels net mear Maarten neamde – wie it net mei dy opfang iens. Se krigen der hieltyd faker wurden oer. Mei doarren slaan en telefoanhoarns derop smite barde tsjintwurdich alle dagen. Súd-Afrika kaam harren beide net hiel min út. Sa gie dat mei minsken lykas sy. De iene kear waarden se as fansels nei inoar tadreaun en net allinne om de langst te bedimjen mar ek foar de leave wurdsjes en de aaikes oer de rêch. De keunst, de keunst ... ja de keunst! Keunst hie it lêste wurd. En dêrby de treast, de befêstigingen: do witst dochs dat ik allinne mar fan dij hâld ... En ik fan dij. Mar in oare kear fochten se foar it eigen gelyk, it eigen terrein, de eigen tiid, de eigen romte en skeelde it net folle of se besochten beide moarns as earste fuort te kommen, om mar net mei it bern achter te bliuwen.

Niels skarrele yntusken sûnder euveldoed oer de reidmatten fan harren húske yn de Jordaan en prutste op syn strúntochten de cd’s út de hoeskes en fernielde de kaften fan harren djoere keunstboeken; se moast him goed yn ’e gaten hâlde omdat er oars de siden út ’e lesboeken skuorde. Op it konsultaasjeburo hienen se warskôge dat er achter rûn. Hoe’t dat kaam, frege sa’n wykferpleechster strang: krige

er syn potsje wol op fêste tiden, boarten se wol mei him? Hâlde se har oan de rigels fan ‘rust, reinheid en regelmaat’?

Lokkich liet de heit it net hielendál sitte: hy koe goed foarlêze oant Niels rêstich sykhelle en yn 'e sliep sukkele. Sels wie se om dy tiid hinne skjin ynein en koe se gjin spat geduld mear opbringe en die se de doar fan Niels syn sliepkeamer leafst sa gau mooglik achter har ticht.

‘Mem, mei Nies in koekje?’

‘Mem, babapappa sjen??’

‘Mem? Mem! Me-hem! ME-HEM!’

Fansels wie it net altyd in besiking. Se hie mei him foarop yn it sistsje nei Halfweg fytst mei sa no en dan har noas yn syn sêft ljocht bernehier. Hy hie de kij nammen jûn.

Mar se telde de jierren ôf dat er nei skoalle koe. As se in tentoanstelling hie, liet se har foarút betelje sadat se Niels hiele dagen fuortbringe koe. Maarten wie soks min nei it sin, mar hy hie gjin rjocht fan praten, want hy hie fuort in atelier foar himsels regele, sa gau't se seagen dat it streekje fan de predictortest blau wurden wie. Hy siet dan wol winterdeis mei twa truien ûnder in duffel achter syn ezel, mar dat kaam frjemd genôch syn wurk ek nochris te'n goede: hy learde himsels oan om koart te kriemen want syn modellen waarden kâld en smeken altyd om in pauze mei klean oan. Dêr't sy dagen om siet te stinnen op in komposysje of de kar fan it materiaal, skildere Maarten mear en mear daliks op gefoel. Hy waard produktiver: makke mear skilderijen yn minder tiid. Wylst de kwaliteit der net op achterút gie! It reinde opdrachten, no sels al út it Krugerpark wei!

Foar him wol.

Yn de withoefolle petearen mei Malouke oer oft bern it kreative proses yn 'e wei stienen, hie se der altyd fan oertsjûge west dat in bern derby kinne moast, mar wie Malouke oant ferfelens ta oer *A Room of One's Own* fan Virginia Woolf begûn. Dou weefde ôf mei Woolf as fan in fiktoriaansk tiidrek wêryn't se krekt it feminisme oan it útfinen wienen. Warskôgingen fan ôfstudearre Rietvelders mei bern hie se fuortwappere. Ik bin net sa stom as jim, my oerkomt dat net.

Se hie werklik tocht dat it kinne moast. Oan it wurk wylst it bern sliepte. Har potleaden, ferve en ezel namen ommers lang safolle

romte net yn as Maarten syn grutte doeken en potten ferve.

En ynearsten wie it goed gien! In heeljier koe se tekenje as lytse Niels yn syn widske sliepte. Ut dat tiidrek datearre it wurk dat se jierren letter ophong as se frege waard foar in eksposysje.

Niels sliepte lykwols hieltyd minder. As se him middeis, mei de holle al by har stik, op bêd brocht, lei er de twa oeren dy't se harsels tatocht hie, mei de eagen wiid iepen te jeuzeljen. 'Sliepe do, sliep!' hie se wanhopich roppen oan 'e oare kant fan 'e doar. Op it lêst stiek er de hannen gewoan net mear troch de mouwen fan syn pyamake en krige se him net mear op bêd.

'Myn tiid krimpt!' klage se tsjin de heit, 'ik kom nergens mear oan ta.'

Ergere helle Maarten mei trije fingers in toef hier út de eagen. 'Wurkje dan moarns!'

'Dat slagget net!'

'Hy boartet dochs?'

'Ik moat altyd fan alles betinke om him dwaande te hâlden, oars hellet er alles oeral.'

Maarten skattere. 'Ik haw in ûndernimmende soan. Ik wie eartiids ek sa'n jonkje. En sjoch ris wat der fan my kommen is ...' De blik dy't er dan opsette, koe se hieltyd minder goed oer.

Jawis. Maarten krige opdrachten, dy't jild opsmieten. Se betellen der de hier fan. De hier fan dit moaie lytse húske. En dat wie belangryk. Dat se yn de Jordaen wennen. Hjir strieken de freonen út de rest fan it lân del, as se in reis ûndernommen hienen nei de haadstêd foar in tentoanstelling of it museum, hjir kaam Malouke te reade-wyndrinken. Freonen wienen tige wichtich foar de diskusjes oer wat keunst hearde te wêzen.

Mar se hie op syn minst in eigen romte regelje moatten.

'Sis no asjeblyft wat ...,' hearde se de lege stim fan Anniek yn Terwolde suchtsjen.

'Ik gean net.'

'It is dyn heit.'

'Do witst hoe't it sit.'

Wer in sucht. En in stilte. Wat tocht se no?

'Doch it dan foar mem. Se mist dy.'

‘Hie se earder betinke moatten.’

‘Se wol Niels sa graach sjen.’

‘Flauwekul. Anniek, doch my in lol en belje my net wer. It jout dochs neat. Ik kom net.’

Hast hie se sein dat it har spiet dat se har en Tom mei de brot fan heit syn begraffenis opskipe hie. Mar se die it net. Fan it iene soe it oare komme en se hie der gjin ferlet fan om it hiele ferhaal wer te dwaan.

‘Tinkt Maarten der ek sa oer?’

‘Maarten tinkt neat, want Maarten giet nei Súd-Afrika. Dy stiet hjirbûten.’

‘Wat frjemd.’

‘Miskien. It is net oars. Sterkte mei de begraffenis. Dach Anniek.’

‘Annika ... Dach Pippy.’

1996

‘Mem is teloarsteld.’

Dou wie alwer thús mei de popkes en de kreambesite druppele lâns. Of belle, lykas Anniek.

‘Mem hie better witte moatten.’

‘Jim wenje no in stik tichterby ...!’

‘Al wennen we neist har!’

‘Se wol se graach sjen. En se hawwe gjin Sweedske nammen.’

‘Ien bern mei in Sweedske namme is wol genôch.’ Maarten hie der op oanstien dat se syn broerke Niels, dat jong stoarn wie, ferneame soene; se hie net doarst te wegerjen.

‘Is der dan neat feroare, Pippy? Ek net no’tst wer yn Fryslân wennest?’

‘Wachtsje even, hear.’ Doutsen lei Evertsje, dy’t krekt syn fleske hân hie, tsjin ’t skouder foar it krôkjen en kloppe sêft op syn rechje. Ja, alles wie feroare. Hoe oars woe Anniek it noch hawwe? Oare man, oare boargerlike steat, want Hotse hie it bern wettigje wollen, sa’t er plechtich sein hie doe’t de predictortest wer blau útsloech, twa berntsjes yn stee fan ien en net troch it bertekanaal parse mar út de búk snijd.

Waard se no ek in oare mem? Se hope it. Se woe it. Se wie no Pippy Doutsen Wieringa-van der Hoop. De twilling wie ferneamd nei de heit fan Hotse en dy syn heit. Har heit – dan wol dea mar dochs – kaam net yn de beneaming foar in ferneaming.

‘Ik wol eins wol witte hoe’t it mei Tom is. Ik krige in neatsizzende kaart fan him mei ‘lokwinke mei dyn bern’. Net iens de nammen ...’

‘Tom fermakket him bêst. Hy bellet mem ien kear yn ’e moanne en dan seit er altyd dat it goed mei him giet.’

‘Noch gjin frou yn byld?’

‘Dêr hat er it net oer. Hoe is it mei Niels? Dy is tink no fyftjin. Wol in hiele âlde broer ...’

‘Hy fynt de babys leuk hear!’ reagearre se fuort stutsen, al siet Niels it leafst stúmjend op syn keamer as Hotse en sy drok dwaande

wienen mei Markje en Evertsje.

‘Hearst noch wolris wat fan Maarten?’

‘Niels giet dêr ien kear yn ’e moanne hinne. Mei de bus de Ofslútdyk oer. Dat giet leau ik wol goed. Hy hat de leeftiid dat er dêr net al te folle mear oer seit.’

‘Nee dat sil ’t wol.’

‘We ... we hawwe gjin heechrinnende rúzje, mear moatst net wolle.’

‘En sjochst Malouke ek net mear, hearde ik fan muoike Janke?’

‘Koe wol. Sûnt de berte fan Niels hieltyd minder.’

‘Dus ik bin net wolkom ...?’

Se draaide der noch altyd net omhinne, har suske.

‘As der neat feroare is, hoechst net te kommen.’

‘Sa asto wolst, Pippy. Mar it spyt my mear as ik dy sizze kin.’

‘Doutsen,’ sei se doe’t se oplein hie. ‘It is Doutsen.’